

Aktiviteiten mei wurdkaarten



By it tematysk materiaal dat SFBO útjout, sitte ek twatalige wurdkaarten. Hingje dizze wurdkaarten op yn de romte en belûk se by aktiviteiten. It doel is net allinnich om de wurden te learen, mar ek om mear taal oan de bern te ûntlokjen en om talige ynteraksje te stimulearjen. Hjir folget in oantal suggestjes foar aktiviteiten dêr 't de wurdkaarten by ynsetten wurde kinne:

Beneam de wurdkaarten yn de rûnte

Gean yn de rûnte de wurdkaarten by del en lit de bern om bar fertelle wat der op stiet.

Sykje it foarwerp op de wurdkaart

Op de wurdkaarten steane 4 plaatsjes. Sis in wurd, en lit de pjut it goeie plaatsje oanwize.

Sykje it foarwerp yn de omjouwing

Is it foarwerp op de wurdkaart ek yn de omjouwing te sjen?

Dobbelje

Doch 6 wurdkaarten fan 1 tema yn de dobbelstien. Dobbelje en lit de pjut it goede wurd dêrby riede. Dit spultsje kin ek kombinearre wurde mei de suggestje "ferske sjonge".

Memory

Kopiearje de wurdkaart, knip de plaatsjes út en doch it memory-spultsje.

Hokker plaatsje heart der net by?

Knip de wurdkaarten út. Lis 3 plaatsjes fan it tema dêr't jimme mei wurkje op tafel, en 1 plaatsje fan in oar tema. Dit kin op ferskillende nivo's oanbean wurde, bygelyks:

- 3 plaatsjes fan simmer, 1 fan winter
- 3 giele foarwerpen, 1 blauwe
- 3 plaatsjes fan drinken, en 1 fan iten
- 3 plaatsjes fan bisten, 1 plaatsje fan wat oars

Hokker plaatsje is fuort?

Lis in oantal útknipte plaatsjes op tafel. Lis der in doek oerhinne en pak 1 plaatsje fuort. Hokker plaatsje mist? Dit spultsje kin dreger makke wurde troch mear plaatsjes del te lizzen en/of mear plaatsjes fuort te heljen.

Ferske sjonge

Betink in (opsis)ferske by in wurdkaart (dat sil net foar alle wurdkaarten slagje).

Lotto

Jou per bern 1 grut A4 formaat wurdkaart. Kopiearje dizze selde wurdkaarten noch ris, knip se út en lis se allegearre op de kop op de tafel. Draai ombeurten in kaartsje om. Wat stiet der op? En hokker bern hat dit plaatsje op syn eigen grutte wurdkaart? Wa hat de kaart as earste fol?

Fiskspul

Mei in angel mei magneetsje fan in fiskspul, magneettape en de (laminearre) wurdkaarten kinst ek in aardich fisk spultsje meitsje.

Extra kaarten nedich?

Bestel se digitaal of printe (tema oanjaan) fia it bestelformulier temamateriaal.